


Boeketip 5




Wyt ljocht

Baukje Wytsma
Afûk
€ 17,50

1

Wyt ljocht, in suver en ynderlik ljocht. Wyt op syn helderst, dêr wêr't alles begjint en einich is. Dêrtusken is libben, is tiid. Dat is dêr't Baukje Wytsma yn har nijste dichtbondel Wyt ljocht oer skriuwt.



Ferdban

Oebele Vries
Noordboek
€ 49,90

2

De Aldfryske oarkonden yn *Ferdban* – *Oudfriese oorkonden en hun verhaal* wjerspegelje it deistige libben fan gewoane minsken en fan de alderryksten en aldermachtichsten yn Fryslân.



Tomke en de bijen

Geartsje Douma
Afûk
€ 6,50

3

Yn *Tomke en de bijen* is it maitiid. Tomke siket blomkes foar Kornelia. Mar o nee, hy sjocht in bij. Help! Romke wol de bij pakke, mar Kornelia hâldt him tsjin. Bij ymker Jan, sjogge se wat bijen allegear dogge.



Bisten op 'e pleats

Dawn Sirett
Afûk
€ 7,50

4

Fan pluzige pykjes oant wollige skiep, der is foar babys in soad te ûntdekkjen, te fielen en te learen mei dit stevige kartonboekje.



It Achterhûs

Jacobus Q. Smink
Afûk
€ 17,50

5

De Fryske edysje fan 'Het Achterhuis' fan Anne Frank. Oerweldigend as je jong binne, yngripend as je âlder binne.

Foar dizze en oare boeken, sjoch op websjop.afuk.frl



Fryske gedichten op spiegels

Begjin 2021 lansearren Merk Fryslân en Ljouwert UNESCO City of Literature it mienskiplike projekt 'Wjerspegelje'. Nije, Fryske gedichten binne dêrby te lêzen op spiegels fan iepenbiere lokaasjes, sa as oernachtings- en hoareka-lokaasjes, en fan biblioteken en oare kulturele organisaasjes. It oanrekommandearre RIVM-hannewaskmomint wurdt sa moai brûkt om Fryske dichters in nij poadium te jaan. It idee komt fan Ivar van Veen út Swol (#weerspiegelen). Yn Fryslân is it projekt meartalich: fan alle Fryske fersen wurdt in Nederlânske oersetting makke. Wa't de QR-koade njonken in gedicht scant, komt by dy oersetting telâne.

De earste tritich gedichten binne skreaun troch Sannemaj Betten, Tsead Bruinja,

Eppie Dam, Job Degenaar, Arjan Hut, Joël Hut (yn it Súdwesthoeksk), Elske Kampen, Jan Kleefstra, Roelof ten Napel, Michelle Samba, Albertina Soepboer, Janneke Spoelstra, Geart Tigchelaar, Nyk de Vries, Syds Wiersma en Baukje Wytsma. Harren gedichten binne te lêzen op 575 spiegels fan 104 lokaasjes.

De kommende tiid wurdt it projekt fierder útwreide oant yn totaal fyftich gedichten. Alle fersen steane yn it Frysk en it Nederlânsk op friesland.nl/wjerspegelje. Dêr fynstoe ek in handich oersjoch fan de lokaasjes!

Wjerspegelje is mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân.
Foto: Lucas Kemper

'Earne mei de pet nei smite'



Ast earne mei de pet nei smytst, dochst net al te goed dyn bêst, besikest it sabearre. Nei alle gedachten komt de útdrukking 'der mei de pet nei smite' fan in spultsje fan froeger, wêrby't jonges besochten flinters ûnder harren pet te fangen. Dat wie fansels lestich en dus waard it petsje mar healslachtich rjochting de flinters goaid, en sa hat it sprekewurd faaks syn betsjutting krigen. Want ast wat it foargeande oangiet echt wat berikke wolst, kinst fansels better mei in flinternetsje achter de fladderers oan.

Oant sjen yn ús winkel!

ADRES
Bûterhoeke 3
Ljouwert

(058) 234 30 70

ynfo@afuk.frl

www.afuk.frl

IEPENINGSTIDEN
Moandei
13.00 - 17.30 oere
Tiisdei o/m freed
09.30 - 17.30 oere
Sneon
10.30 - 17.00 oere



Tomke en de bijen



Dit boekje ha ik foarlêzen oan kleutergroep fan de St. Martinusskoalle yn Makkum. It is in leuk ferhaal, de bern sitte der gelyk yn. It is op rym set, mar lêst as in ferhaal. Krekt as de measte bern, is Tomke bang om stutsen te wurden troch in bij.

Kornelia nimt Tomke mei yn it ferhaal fan de bij, fia de blommen, de ymker en fansels de hunich.

De yllustraasjes meitsje it ferhaal tige sprekkend. It helpt ek om de bern it ferhaal neifertelle te litten. Dat it ferhaal op rym is, is helpend dêrfoar.
Antje van Schepen



WAT IN KOFFER SEIT

Ik bin in lytse koffer út Frankfurt am Main en ik sykje myn baas, wêr is er toch tein?

Ilse Weber (1903-1944) wie in Joadske frou fan Dútsk-Tsjechyske ôfkomst. Sy skreau berneboeken, harkspullen en prachtige gedichten. De Dútsktalige gedichten dy't se yn it geheim skreau yn it modelgetto Theresienstadt, wiene foar in protte finzenen in beaken fan hoop. Ilse waard mei har jongste soan Tommy yn 1944 ombrocht yn de gaskeamers fan Auschwitz, mar op wûnderlike wize ha de gedichten de oarloch oerlibbe. Eppie Dam (1953) soarge foar in prachtige oersetting fan de gedichten. De bondel is twatalich, nêst de Fryske oersetting is ek de orizjinele Dútske ferzje opnommen.

Teäterfoarstelling

Wat in koffer seit is ta stân kommen nei oanlieding fan de yndrukwekkende, meartalige muzikale foarstelling 'Holocaust-Hollywood, de kinderen van Ilse Weber' fan en troch Inez Timmer en Tseard Nauta. In foarstelling om noait mear te ferjitten, tsjin it ferjitten. Mear ynformaasje en spyl-data www.theaterineziatief.nl

De dichtbondel is te keap foar € 12,50 by de boekhannel, of fia websjop.afuk.frl